

p.c.b.s. de Skeakel

 J

Skoalstrjitte 14  
8855 HL SEXBIERUM

Ljouwert, 20 febrewaris 2018

Ferstjoerd, **21 FEB. 2018**

Ús merkteken : 01498673  
Ôfd/Opjefte : Frysk kapitaal  
Opsteld troch :  J / (058) 292  J of  J @fryslan.frl  
Jo merkteken : Taalplan Frysk  
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : 08PI00 Fêststellingsbeslút Taalplan Frysk foar profyl A

Achte  J

Mei dit brief stjoere wy jo ús reaksje op it Taalplan Frysk dat jo yntsjinne hawwe yn it ramt fan de *Beleidsregel ontheffing vak Fries*. Jo oanfraach is op 9 febrewaris 2018 by ús ynkommen en ynboekt ûnder nûmer 01498392.

### Beoardieling en beslút

Wy hawwe jo Taalplan Frysk beoardiele en binne fan betinken dat it foldocht oan de boppeneamde beliedsregel, opsteld op grûn fan de WPO, kêst 9, lid 4 en de WVO, kêst 11e, lid 1. Ut jo plan docht bliken dat op jo skoalle it Frysk genôch ûnderwiisd wurdt om net in parsjele ûntheffing oan te freegjen. It docht ús tige goed dat te fernimmen.

Wy hoege jo mei yngong fan it skoaljier 2018/2019 dan ek gjin ûntheffing te ferlienen. Binnen de ûntheffingsprofilen diele wy jo skoalle dêrom yn neffens profyl A. Dat profyl hâldt yn dat it ûnderwiis yn it fak Frysk oan alle keardoelen foldocht: taalhâlding, ferstean, praten, lêzen, skriuwen en taalbeskôging. De keardoelen binne yn it Besluit Vernieuwde Kerndoelen WPO formulearre.

### Taalplan Frysk

Yn it yntsjinne Taalplan Frysk stiet beskreaun wat it nivo fan it Frysk op jo skoalle is op it momint fan de besite fan de ûnderwiiskundige. Wy ferwachtsje dat jo dat nivo fêsthâlde of ferheegje. De Ynspeksje fan it Underwiis sil dêr op tasjen.

As jo skoalle ûnferwachte op ûnderdielen of yn syn gehiel ôfwykt fan it yntsjinne Taalplan Frysk, dan moatte jo sa gau mooglik kontakt mei ús opnimme.

### Rintiid

Mei yngong fan it skoaljier 2018/2019 wurdt it ferliende Taalplanprofyl fan krêft foar in perioade fan op syn meast fjouwer jier.

### Regeljouwing

De *Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs* (Provinsjaal Blêd, nr. 3671, 26 juny 2015) is op dit beslút fan tapassing.

### Hawwe jo noch fragen?

As jo noch fragen hawwe oer dit brief dan kinne jo kontakt opnimme mei [redacted] of [redacted] troch in e-mail te stjoeren nei [taalplanfrysk@fryslan.fr](mailto:taalplanfrysk@fryslan.fr).

Mei rju achting,  
Deputearre Steaten fan Fryslân,

[redacted]  
drs. A.A.M. Brok, foarsitter

[redacted]  
R.E. Boulius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris

Yn ôfskrift oan:

PCBO Noordwest Fryslân  
Postbus 180  
8800 AD FRANEKER

Dejinge dy't streekrjocht belang by dit beslút hat, kin dêr binnen seis (6) wike neidat it ferstjoerd is, in beswierskrift tsjin yntsjinje by Deputearre Steaten, Postbus 20120, 8900 HM yn Ljouwert.

It beswierskrift moat ûndertekene wurde en der moatte yn alle gefallen yn neamd wurde:

- de namme en it adres fan de yntsjinner;
- de datum
- in omskriuwing fan it beslút dêr't it beswier op slacht;
- de grûnen fan it beswier.

Mear ynformaasje oer de beswierskriftproseduere stiet op [www.fryslan.nl](http://www.fryslan.nl) ûnder "contact". Jo kinne ek skilje mei it sekretariaat fan de beswierskriftenkommisje, (till. (058) 292 51 57).

## Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

### **J** Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen